

Ried fan de Fryske Beweging

foar Fryslân, Friezen en it Frysk

Jierferslach 2021



Algemien

Yn 2021 sieten we foar it twadde jier mei de koroana-epidemy. Dy hat ek de Ried fan de Fryske Beweging wer dwers sitten, mar oars as it jier dêrfoar koene der wol wer inkele aktiviteiten libbensliif trochgean. Yn dit jierferslach in oersjoch fan saken dy't we by de ein hân hawwe.

Ynterne Saken

Bestjoer

Gearstalling: Pier Bergsma (foarsitter), Nynke Beetstra (skriuwer), Arjen Dijkstra (ponghâlder), Jehannes Elzinga, Nanne Hoekstra, Folkje Koster en Aant Mulder.

Adviseurs: Geeske Krol-Benedictus en Frank de Boer.

Administratyf meiwurker: Baukje Westra-Keulen.

Aant Mulder hat om reden fan sûnens it bestjoer healwei it jier spitigernôch ferlitte moatten en ek syn oare wurksumheden foar de Ried stillein. Aant hat yn de krapoan fjouwer jier dat er yn it bestjoer siet, in soad foar de Ried út de wei set. Syn wyklikse kollums op It Nijs hearden ta de populêrste bydragen op It Nijs.

It bestjoer hat yn 2021 tsien kear byinoar west, sân kear digitaal fia Teams en trije kear yn it Oranjehotel, om't Tresoar jûns noch ticht wie fanwege koroana.

Politike kommisje (POK)

De politike kommisje fan de Ried fan de Fryske Beweging jout frege en net-frege advizen. De POK hat yn 2021 twa kear oerlis hân en hat de Ried û.o. advisearre oer Frysk by it Ministearje fan Ynlânske Saken. Der sieten yn 2021 tsien minsken yn de POK:

- Geart Benedictus, adviseur út namme fan de RFFB
- Pier Bergsma, foarsitter Ried fan de Fryske Beweging
- Sjirk Eildert Bruinsma D66
- Hanneke Goede SP
- Anja Haga ChristenUnie
- Lutz Jacobi (foarsitter) PvdA
- Jochum Meester (skriuwer) FNP
- Willem Verf GrienLinks
- Harry van der Molen CDA
- Aukje de Vries VVD

Stipers en oansletten organisaasjes

Op 31 desimber 2020 telde de Ried 262 (-8) beteljende stipers.

De folgjende organisaasjes wiene yn 2020 by de Ried oansletten: Feriening Frysk Underwiis, Frysk Boun om Utens, Fryske Rie, Jongfryske Mienskip, St. Krúspunt Oekumenysk Platfoarm, St. Slach by Warns, Federaasje fan Fryske Studinterferienings, St. Amateurtoaniel Fryslân (sûnt novimber *Iepen DoEk* neamd), Folkshegeskoalle Schylgeralân.

Grutte Ried op 28 oktober

De Grutte Ried, de gearkomste fan de Ried fan de Fryske Beweging mei deistich bestjoer, stipers en oansletten organisaasjes, moast yn 2020 oergean fanwege koroana, mar koe yn 2021 gelokkich wol holden wurde, op 28 oktober yn Marsum. De jûn bestie út twa dielen mei foar it skoft it húshâldlik part. Dêryn wie benammen in soad omtinken foar de takomst fan de Ried. De Ried buorket finansjeel efterút, mar faaks noch in gruttere soarch foarmet de gearstalling fan it deistich bestjoer. Fan de sân minsken binne ynkoarten noch mar fjouwer oer.



Der waard ek stilstien by de funksje fan de Ried. De Ried is destiids oprjochte om stipe te jaan oan de oansletten selskippen, mar is sa stadichoan in organisaasje wurden njonken dy selskippen yn stee fan harren belangen te behertigjen. De Ried hat syn eigen aksjes en projekten, lykas de digitale deikrante It Nijs en magazine DE NIJE. Prachtige produkten, mar tige kwetsber en djoer foar in frijwilligersorganisaasje as de Ried. It bestjoer wol him ynkoarten yn de mande mei de oansletten organisaasjes beriede oer de takomstige struktuer fan de Ried.

De gearkomste wie posityf oer it idee om de Fryske Reklamepriis te ferfangen troch it ynstellen fan prizen foar ferskate kategoryen oan minsken of organisaasjes dy't har op in goede wize ûnderskieden hawwe yn it befoarderjen fan it Frysk. De útrikking soe dan plakhawwe moatte op in feestlike Galajûn foar it Frysk, as in soarte fan Oscarútrikking.

Nei it skoft prate provinsjaal meiwurker Nienke Jet de Vries fan it projektteam Taalplan Frysk 2030 ús by oer hoe't it der foar stiet mei de ambysjes, de foarderingen en de reaksjes fan de skoallen oangeande dat Taalplan.

Oerlis oansletten selskippen

Om nei te gean wat we foar inoar betsjutte kinne en fan inoar ferwachtsje meie ha we út en troch oerlis mei in by de Ried oansletten selskip. Yn 2021 hiene we noflikke en nuttige petearen mei it Frysk Boun om Utens, Stifting Krúspunt en de Fryske Rie.

Fakatueres deistich bestjoer Ried

De Ried hat driuwend ferlet fan nije bestjoersleden. It deistich bestjoer bestiet anst noch mar út fjouwer leden Aant Mulder hat healwei 2021 ôfskied nommen, Folkje Koster ferlit ús yn maart 2022 en foarsitter Pier Bergsma hâldt der april 2022 nei tolve jier mei op. It is ús oant no ta net slagge minsken ree te finen om in sit yn it bestjoer te nimmen. In nuodlike saak! Wy sykje dus sawol in foarsitter as gewoane bestjoersleden. Nammen fan kandidaten binne wolkom (ynfo@fryskebeweging.fr).



It bestjoer fan de Ried hat yn 2021 mei ferskate minsken en ynstânsjes kontakt hân, libbensliif, digitaal of skriftlik. Fan guon fan ús aksjes binne parseberjochten ferstjoerd dy't yn de media ferskynden.

Frysk yn kommunikaasje ynstânsjes

De Ried krijt geregeld nijsgjirrige digitale nijsbrieven fan warbere ynstânsjes dy't har ynsette foar Fryslân en de Fryske mienskip. Wat dêrby opfalt is dat der amper Frysk brûkt wurdt yn dy nijsbrieven of op de websiden. Wy hawwe ynearsten twa ynstânsjes dêroer oanskreaun, St. Doarpswurk en St. Keunstwurk, en roppe harren op om de taal fan dy Fryske mienskip faker te brûken. St. Doarpswurk hat dêr posityf op reagearre en tasein mear omtinken oan it Frysk te jaan yn de kommunikaasje. St. Keunstwurk hat (noch) gjin reaksje jûn.



Yn dit ramt past ek dat de Ried yn in brief oan de Provinsje dúdlik makke hat min te sprekken te wêzen oer it plak fan it Frysk yn it magazine 'Fuotten yn it Fean'. Dy glossy waard begjin maaie oan 4.000 húshâldingen stjoerd. Opdrachtjouwer wie de Provinsje. Yn skerpe wurden joech de Ried syn miening. Sitaat: *Dizze 'Fuotten yn it Fean' makket him tige drok oer it fersakjen fan de boaiem, mar it brûken fan it Frysk is by de Provinsje sa fier sakke dat wy ús ôffreegje oft it ea de kop noch boppe wetter hâldt.*

De Rabobank en it Frysk

Nei klachten dat klanten net mear Frysk prate kinne as se belje mei harren lokale Rabobank, om't se automatysk trochferbûn wurde nei de lanlike telefoansintrale, hat de Ried dêroer in klacht yntsjinne by de Rabobank. De bank hat dêrop kontakt mei ús opnommen. Ynkrumping fan it personiel en fan it tal banken wie de oarsaak fan dy sintralisasjestap, sa waard ús ferdútst. As oplossing foar Fryslân ha se betocht dat minsken dy't mei de eigen bank yn it Frysk prate wolle, dy mooglikheid hawwe moatte. Klanten moatte dat oanjaan en sille dan troch har eigen bank werombelle wurde.

Kontakt Ried mei nije direkteur Fryske Akademy



Op 23 juny 2021 hawwe foarsitter Pier Bergsma en skriuwer Nynke Beetstra fan de Ried in petear hân mei Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, sûnt 15 maart de nije wittenskiplik direkteur fan de Fryske Akademy. Doel wie om neier yn de kunde te kommen en ynformaasje oer inoars wurksumheden en ideeën út te wikseljen.

Frou IJssennagger joech oan dat de Akademy mear oansluting by de mienskip sykje wol en wat dat oangiet graach ree is om út en troch bydragen te leverjen oan DE NIJE en It Nijs. De Akademy sil tenei ek oan de Fedde Schurer-lêzing meiwurkje.

Ynternasjonale kontakten

Fansels hat de Ried kontakten mei oare minderheden. De by de Ried oansletten organisaasje de Fryske Rie hâldt him benammen dwaande mei kontakten mei Noard- en East-Friezen yn Dútslân. Dêrneist is de Ried oansletten by de FUEN, in grutte Europeeske organisaasje fan minderheden yn Europa dy't fuort nei de Twadde Wrâldoarloch oprjochte waard yn Versailles.



Foarsitter Pier Bergsma fertsjintwurdige de Ried yn septimber op in FUEN-kongres yn Triëste. Sprekker Fernand de Varennes, spesjaal rapporteur fan de Feriene Naasjes, hâldt him dwaande mei de (minske)rjochten fan minderheden. Neffens him is it Europeesk ferskaat oan talen en kultueren fan grutte wearde. ûnderwiis yn de minderheidstaal docht allinnich fertuten as it ferplichte is. Wichtich: de mearderheid fan de befolking moat derefter stean. Ek it ekonomysk belang en de sichtberens kamen oan de oarder. De foarsitter wie ek oanwêzich by in *expert meeting* oer lytse talen yn Switserlân.



Oerlis mei deputearre Poepjes



Yn de mande mei oare *wichtige partijen yn it Fryske literêre fjild*, sa't de Provinsje dat formulearre, hat de Ried begjin 2021 trije kear digitaal oerlis hân mei kultuerdeputearre Sietske Poepjes oer dat literêre fjild. De Ried hat dêr ûnder oaren ynbrocht dat de wichtichste fraach net is hoe'tst mear skriuwers en mear boeken krijst, mar wêrom't der sa'n bytsje Frysk lêzen wurdt. It probleem leit net by de produsint, mar by de konsumint. Neffens de Ried

binne de folgjende saken dêrby fan grut belang: 1. ûnderwiis yn it Frysk fan pjutteboartersplak oant en mei universiteit en 2. rûnom sichtberens fan it Frysk (bgl. troch nije sutelaksjes, Fryske advertinsjes, fergees Frysktalich materiaal rûnom dellizze).

Yn april hat de Ried yn in oerlis op 'e nij syn stânpunt oer it Learplan Frysk nei foaren brocht.

Op 28 oktober hawwe inkele bestjoersleden fan de Ried op it Provinciehûs praat mei deputearre Poepjes oer it fersterkjen fan de posysje fan it Frysk. Inkele ûnderwerpen dy't bepraat binne:

1. Ekonomyske needsaak: it Frysk is net allinnich de taal fan it hert, mar ek fan de sinten. Der moat in needsaak wêze om it Frysk te behearskjen. De Provinsje kin dêr ûnder oaren ynfloed op útoefenje troch by it personielsbelied behearsking fan it Frysk as funksje-eask te stellen.
2. Sichtberheid: de Provinsje kin it Frysk mear sichtber meitsje yn syn eigen kommunikaasje, mar it ek as subsydzjebetingst stelle oan ynstellingen. Dêr moat dan ek op hantlavene wurde, dus subsydzje ynhâlde as der net oan foldien wurdt.
3. Takomst It Nijs en DE NIJE: It Nijs en DE NIJE binne tige kwetsber om't se beide ôfhinklik binne fan in beheind tal frijwilligers. Beide media binne leechdrompelig en dêrom posityf foar de posysje fan it Frysk. It bêste soe wêze as ûnder dy beide media fan de Ried in profesjonele basis komt te lizzen, bygelyks by de Afûk. De deputearre sei ta dermei oan de slach te gean. Ek it punt fan de Simmerskoallen sil wer oppakt wurde.

Ynput Hânfêst en Ramtferdrach

Mei in tal oare organisaasjes yn Fryslân is de Ried troch it ministearje fan Ynlânske Saken frege om ynput te leverjen foar de 7^e rapportaazje foar it Europeesk Hânfest foar regionale talen of talen fan minderheden en de 4^e rapportaazje foar it Ramtferdrach beskerming nasjonale minderheden fan de Ried fan Europa. It ministearje stelt de rapportaazjes op yn gearwurking mei de Provinsje.



Inkele oanbefellingen dy't de Ried ynbrocht hat:

- a. Ferheegjen fan it tal lesoeren fan en yn it Frysk yn it primêr ûnderwiis en it tal skoallen yn it fuortset ûnderwiis mei Frysk yn it lessepakket.

- b. Befoarderjen fan dielname oan de learare-oplieding om yn 'e mjitte te kommen oan it ferlet om Frysk te ûnderwizen.
- c. Soargje dat it ûnderwiis fan de skiednis en kultuer yn it Frysk oan alle learlingen oanbean wurdt.
- d. Soargje dat de skoalynspeksje him foldwaande op it Frysk rjochtet.
- e. Fuortsterkjen fan it brûken fan it Frysk yn de sûnenssoarch.
- f. Soargje dat yn alle relevante rjochtsaken it Frysk brûkt wurde kin, dat alle rjochtsaken fan Fryskpraters yn Ljouwert behannele wurde en dat alle oanbelangjenden by de rjochtbank yn Ljouwert it Frysk behearskje.

Ried wiist 'De Haach' op ferantwurlikheid Frysk yn rjochtspraak



No't 70 jier nei Kneppelfreed de lêste tolk Frysk opholden is en it rjochtbankpersoneel yn Ljouwert net allegear it Frysk machtich is, makket de Ried fan de Fryske Beweging him grutte soargen oer de ynfolling fan it rjocht fan Friezen om Frysk te praten yn de rjochtbank. Oanslutend op it debat oer de kwestje op 30 septimber yn de Twadde Keamer en it oanbieden fan in petysje troch it Steatekomitee Frysk hat de Ried 7 oktober in brief stjoerd nei 'De Haach'.

Yn dy brief freget de Ried de ferantwurdlike politisy mei klam om der yn oerlis mei de provinsje Fryslân noed foar te stean dat Friezen yn Fryslân Frysk prate kinne foar de rjochter en útdruklik op dat rjocht wiisd wurde. De oplossing moat fûn wurde yn it oanstellen fan rjochtbankpersoneel dat it Frysk aktyf, mar op syn minst passyf, behearsket. Salang't dat net it gefal is moatte der altyd kwalifisearre tolken Frysk beskikber wêze dy't fatsoenlik foar har wurk betelle wurde.


Deltaplan voor het Noorden

Der is yn 2021 in soad te dwaan west om it *Deltaplan voor het Noorden* mei as meast opfallend foar Fryslân: de bou fan 45.000 wenten en de oanlis fan de Lelyline, in spoarferbining tusken Lelystêd en Grins fia It Hearrenfean en Drachten. Riedsfoarsitter Pier Bergsma hat yn in ynstjoerd stik yn de Ljouwerter krante, Trouw en op It Nijs yn juny in reaksje jûn. Hjirby in pear sitaten út it stik op It Nijs:



“It wie de bedoeling fan ús provinsjaal bestjoer om op in politike gearkomste fan 16 juny de gelegenheid te bieden yn te sprekken oer dit plan. Dat is skrast. De Ried fan de Fryske Beweging hie der graach gebrûk fan makke... De Ried sil grutte Pier net út it grêf opstean litte om fan dy mooglik 100.000 nije ynwenners te easkjen it ‘bûter, brea en griene tsiis’ aksintleas út te sprekken. Dat safolle minsken net allinne it talige lânskip oantaaste, is dúdlik. Push-back teams lizze net yn 'e reden, mar samar akkoart gean mei safolle nije ynwenners as yn dit Deltaplan foarsteld wurdt, kin net en al hielendal net sûnder betingsten. Wy meie Fryslân net oerstreame litte.”

Juridysk trajekt



Soe it net better wêze en set it rjocht yn om it Frysk op skoalle syn gerak krije te litten? Dy fraach spilet al jierren en de Ried hat wiidweidich dwaande west mei in brede oriïntaasje. Us konklúzje yn de hjerst fan 2020 wie dat it amper in begeanbere wei wêze soe. Dochs ha we yn de mande mei de FFU yn 2021 advokatekantoar Yspeert yn Drachten frege om foar ús te ûndersykjen oft in rjochtsaak kânsen jaan sil. Harren konklúzje is dat se dy kâns lyts achtsje.

Om it sa ienfâldich en kânsryk mooglik te meitsjen wol de Ried him no earst op ien punt konsintrearje: it draachflakprinsipe. Foar gjin inkeld fak wurdt draachflak frege, útsein foar it Frysk (diskriminaasje). Dat punt sille we likegoed ynbringe by de Europeeske Ried fan Saakkundigen as dúdlik meitsje yn 'De Haach'. De Ried wol ek noch yn petear mei de Ynspeksje en de PO-Ried.



Fear yn 'e Broek

De Fear yn 'e Broek dy't de Ried fan de Fryske Beweging alle jierren útrikt oan in persoan of ynstânsje dy't him ynset foar de Fryske taal en kultuer, wie yn 2021 foar rjochtbanktolk Fedde Dijkstra út Wurdum. Krekt yn it jier dat we 70 jier Kneppelfreed betinke, wurdt pynlik dúdlik dat der noch altyd gjin garânsje foar Friezen is om yn Fryslân Frysk prate te kinnen foar de rjochter. Fedde Dijkstra frege en krige dêr troch aksjes rûnom omtinken foar. De Fear gie dêrom dizze kear nei him ta en is útrikt op 27 novimber by de Fedde Schurerlêzing.



Plombrieven



Der is yn 2021 ien plombrief ferstjoerd. De gemeente Achtkarspelen liet mei twa aksjes sjen hoe't in gemeente Frysk taalbelied yn 'e praktyk stal jaan kin. It regear yn De Haach waard frege om ryksjild te jaan foar de ynboargering fan statushâlders. Mei't ynweners fan plattelâns gemeente Achtkarspelen foar it grutste part Frysktalich binne, hat it ferstean fan it Frysk in mearwearde foar in flotte yntegraasje fan asylsikers, sa stie yn de brief oan Sosjale Saken. It fersyk waard ôfwiisd om't it learen fan Frysk bûten de rikwiidte fan de nije Wet Ynboargering lizze soe.

Achtkarspelen hat fierder Frysktalige buorden by it gemeentehûs yn Bûtenpost pleatst. Publyk wurdt yn it Frysk wolkom hjitten. Ek wurdt it Frysk foar it grutte publyk sichtber makke mei Fryske gedichten op buorden by fytsrûtes del.

Fryske Reklamepriis

De Fryske Radioreklamepriis wie yn 2020 foar Rederij Doeksen, mar koe fanwege koroana doe net útrikt wurde. Op 8 novimber 2021 hat it einlings syn beslach krigen. Foarsitter Pier Bergsma fan de Ried oerlance de minsken fan Doeksen elk in byldsje fan Grutte Pier en in oarkonde. Ek wie der foar de rederij noch in sjek fan 250 euro. De priis wie foar it spotsje 'Kom mei de bern nei Skylge'.

De priis, in inisjatyf fan de Ried fan de Fryske Beweging, waard foar de 19^e kear útrikt. It wie ek de lêste kear. It doel om mear en kwalitatyf bettere Frysktalige reklame te krijen is net berikt. It idee is om no oer te stappen op in Galajûn foar it Frysk dêr't prizen foar it stimulearjen fan it Frysk útrikt wurde sille yn ferskate kategoryen.



Lokwinsken



De Ried hat yn 2021 ferskate minsken lokwinske. Mei de ferkiezings yn maart binne fjouwer minsken út Fryslân de Twadde Keamer ynstimd, allegear fan in oare partij. Se hawwe alle fjouwer de eed of belofte yn it Frysk ôflein en allegear oanjûn foar de Fryske belangen opkomme te sille. Aukje de Vries (VVD) en Harry van der Molen (CDA) sieten der al yn en hawwe har paadsje al aardich skjinfage. Se binne beide lid fan de Politike Kommisje (POK) fan de Ried.


Nijkommers binne Habtamu de Hoop (PvdA) en Romke de Jong (D66).

In lokwinsk wie der ek foar Nelleke IJssennagger-van der Pluijm dy't 15 maart begûn as nije direkteur fan de Fryske Akademy. Mei keningsdei gie der in lokwinsk nei ús warbere bewegingsman Tom Dykstra. Hy waard Ridder yn de Oarder fan Oranje-Nassau, benammen foar alle wurk dat er foar de Fryske Beweging út 'e wei set hat en no noch docht û.o. as foarsitter fan de St. Slach by Warns.

Bûsboekje

It nije Bûsboekje, edysje 2022, is 26 july presintearre. It earste eksimplaar gie nei Jantien de Boer, bekend fan har ferhalen oer 'lânskipspine'. Yn ferbân mei it tema 'diel de romte' wie de presintaasje op it Frijlân by Ljouwert, op de râne fan stêd en plattelân. De redaksje jout yn it nije Bûsboekje ûnderskate perspektiven op 'romte'.

Earst wie it Kristlik Frysk Selskip (KFS) de útjouwer, no is dat de Ried fan de Fryske Beweging. It Bûsboekje bedript him finansjeel noch hielendal sels. De Bûsboekjeredaksje bestiet yn 2021 út Minke Dooper, Sieta de Vries, Piter Andringa, Arjen Dijkstra en Klaas Johan Osinga. Foar mear ynformaasje sjoch www.busboekje.frl.



Frysktalige muzyk op Startside



Krekt as alle artysten hawwe sjongers fan Fryske lieten it dreech yn koroanatiid. En krekt as oaren besykje se sichtber te bliuwen troch harren digitaal te oppenearjen. Startside.frl, in inisjatyf fan de Ried, is yn 2021 útwreide mei in oersjoch fan de foarnaamste artysten dy't yn de Fryske taal sjonge.

Ûnder it kopke Muzyk is njonken it lêste muzyknijs fan It Nijs, in oersjoch fan de Fryske sjongers, sjongeressen en groepen te finen en kin maklik trochklikte wurde nei harren web- en facebooksidens.

Sjoch ek: www.startside.frl/muzyk/.

It Nijs

It tal besikers fan It Nijs, de Frysktalige nijswebside fan de Ried dy't yn augustus 2009 lansearre waard, soene we graach wat omheech krije. Om dêr ideeën oer te krijen hat it bestjoer yn oktober oerlis hân mei sjoernalist en



skriuwer Abe de Vries en kommunikaasjesaakkundige Jannes van der Velde. Dêr kamen in tal nijsgjirrige tips út nei foaren, bygelyks, mear oansprekkende kollumnisten en mear konsintrearje op it Fryske nijs. Der wurdt war dien om dêr ynfolling oan te jaan, mar de basis is te smel.

Der binne twa betelle krêften, Henk Wolf en Hedwig Terpstra, elk foar acht oeren wyks. Fierder driuwt It Nijs op frijwilligers. Wy hawwe dat probleem foarlein oan deputearre Poepjes en beklamme dat It Nijs en De Nije leechdrompelig binne en dêrom wichtich foar it Frysk. It soe moai wêze as se by in mear profesjonele ynstânsje ûnderbrocht wurde kinne, bygelyks de Afûk.

Op dit stuit soargje û.o. in taalrubryk en in tal fêste en minder fêste kollumnisten foar bydragen dêr't It Nijs him mei ûnderskiedt fan oare media. De mooglikheid om kommentaar te leverjen op in nijsberjocht of miening wurdt gauris gebrûk fan makke. Jan Breimer is einredakteur en bestjoerslid Nanne Hoekstra hat de einferantwurdlikheid.

Deiblêd en Wykblêd It Nijs

(tusken heakjes steane de ferskillen mei foarich jier)

Fan It Nijs ôflaat binne it digitale Deiblêd en it digitale Wykblêd. Minsken kinne har dêr fergees op ynskriuwe. It Deiblêd bringt alle dagen alle berjochten dy't dy dei op It Nijs ferskynd binne. It Wykblêd lit tsien fan de meast nijsgjirrige bydragen fan de ôfrûne wike sjen en ferskynt alle woansdeis. It Deiblêd hie 31 desimber 163 abonnees (-2), it Wykblêd 5.696 (-108).

Fansels sitte we ek op de sosjale media: Facebook 4939 (-13) freonen fan It Nijs; Twitter 3.426 (+112) folgers fan It Nijs; Instagram 957 (+38) folgers fan It Nijs.

De Nije



Mei ús Frysktalige tydskrift De Nije kamen we nei in earste 0-nûmer yn 2018 en ien nûmer yn 2019, yn 2020 yn it goede ritme fan jierliks fjouwer nûmers. Yn 2021 wiene de tema's 1. Winter, 2. Muzyk, 3. Bisten en 4. Eilannen. Yn alle nûmers is, neist allerhanne artikels oer it tema, plak foar fêste ûnderdielen as in puzel en in troch de Afûk fersoarge bernekatern. Ek is yn alle nûmers in wedstriid opnommen. Krekt as foar It Nijs jildt ek foar De Nije dat de basis swak is en tefolle op de skouders fan frijwilligers leit.

De stipers fan de Ried krije De Nije fergees tastjoerd en dêrbûten wiene der oan de ein fan it jier 95 (+25) abonnees. Noch net genôch, mar wol stadichoan mear. Troch koroana stagnearre de losse ferkeap yn boekhannels en tydskriftewinkels. De redaksje waard yn 2021 foarme troch Pier Bergsma, Aant Mulder, Arjen Dijkstra, Nanne Hoekstra en Folkje Koster. Fierder soargje in tal fêste en wikseljende meiwurkers foar bydragen en makket printer Weissenbach yn Snits der in prachtich magazine fan, ryk yllustrearre mei foto's.

Kongressen en lêzingen

Fedde Schurerlêzing

Fedde Schurerlêzing 2021:
"Kneppelfreed 70 jier"

Saterdei 27 novimber
De Koperen Tuin, Ljouwert.
15.00 – 17.00 oere, ynrin fan 14.30 oere ôf.

De Fedde Schurerlêzing is in inisjatyf fan de Ried fan de Fryske Beweging en wurdt jierliks organisearre op in satendmidddei yn novimber. De lêzing is yn gearwurking mei Tresoar, H NCL en de Leeuwarder Courant.

De trije sprekkers binne:
"Lyk rjocht foar elk. Het gebruik van Fries door maatschappelijke organisaties."
SIGRID HEMELS, heechlearaar oan de Erasmus Universiteit.
"Keunst nei Kneppelfreed."
BERT LOOPER, historikus en âld-direkteur fan Tresoar
"Kneppelfreed: finale of ûvertuere?"
ABE DE VRIES, skriuwer en sjoernalist

Skrifwster en antropoloog ANNE-GOATSKE BRETJELER sprekt in kolum út.
De diskusje wurdt laat troch SANDER WARMERDAM haadredakteur fan de Leeuwarder Courant.
De kaarten binne fergees, mar moatte oanfrege wurde by VanPlan tickets.
By de doar wurdt de QR kode kontrolearre.

TRESOAR HISTORISCH CENTRUM | LEEUWARDEN LEEUWARDER COURANT VANPLAN.NL



Op 27 novimber 2021 waard yn de Koperen Tún yn Ljouwert de Fedde Schurerlêzing holden. Dy lêzing wurdt alle jierren organisearre troch de Ried fan de Fryske Beweging yn 'e mande mei Tresoar, Histoarysk Sintrum Ljouwert en de Ljouwerter Krante. Yn 2020 koe de lêzing fanwege koroana net trochgean en ek dit jier wie it wikkerdewik. In dei letter giene der wer nije koroanamaatregels yn en moast de hoareka de doarren wer slute.

Sa'n hûndert minsken hiene it oandoard en kom yn tiden fan wer tanimmende

koroanabesmettings nei de lêzing dy't dit jier yn it teken stie fan 70 jier Kneppelfreed. Sprekkers wiene heechlearaar Sigrid Hemels (*Lyk rjocht foar elk, ek foar in lyts folk*), sjoernalist Abe de Vries (*Kneppelfreed: finale of ûvertuere?*) en historikus Bert Looper (*Keunst nei Kneppelfreed*). In sprutsen kolum kaam fan skriuwster Anne-Goaitske Breteler.

Ta beslút

Troch koroana wie 2021 op 'e nij in bysûnder jier. Dat brocht beheiningen mei, mar der koe wer wat mear as it jier dêrfoar. De Grutte Ried en de Fedde Schurerlêzing koene no gelokkich trochgean en as bestjoer koene we inoar wer in tal kearen yn de eagen sjen yn pleats fan fia it skerm te kommunisearjen. Yn 2022 sille we ús bûge oer de takomst fan de Ried. Wat wolle we? Wat kinne we? Is de struktuer noch by de tiid? Kinne we it bestjoer wer op sterkte bringe? Ien doel bliuwt rjocht oerein: it opkommen foar en it fersterkjen fan de Fryske taal en kultuer.

